

1. Fan hi - mel - heech waait fjoer en wyn
 it fol - le hûs mei min - sken yn.
 Yn taal en te - ken komt de Geast,
 de waar - me am - me fan Gods treast.

2. Sa't nei it rispjen d' earsteling
 in teken is fan nij begjin
 dat oan de deade grûn ûntsprút,
 sa wiist de Geast ús hjoed foarút.
3. Sy sprekt in taal dy't elk ferstiet,
 dy't streekrjocht nei it herte giet.
 Har wurden hâlde leafde yn,
 de frede fan in simmerwyn.
4. Sy helpt ús as in mem oerein
 as wy fertrietlik of ferslein
 de moed ferlern ha om te gean.
 Sy jout de krêft om op te stean.
5. Dat ús de Geast trochwaaiet mei,
 dat wy as op dy pinksterdei,
 fol fjoer en yn beweging brocht
 ús wegen geane yn har ljocht.